



EKSEEM

(Eczeem)

Ienakter blijspul

fan

ARIS BREMER

Fryske oersetting

Betty Schilstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **EKSEEM - ECZEEM** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Frou Jonker

Jonker - har man

Johanna - harren dochter, 20 jier

Peter - hússkilder, 23 jier

DEKÔR:

In hal. Foardoar midden achter. Rjochts in trep (sa moat it lykje)
en rjochts foar in doar nei de wc.

Links de doar nei de keamer. Lekkens oer de portretten en kapstok.

(Johanna leit tusken de foardoar en de wc kranten op 'e flier. Sa te sjen hat se der net al tefolle nocht oan. Mefrou Jonker jout har de kranten oan)

FR. JONKER: Sa net! Sa net fansels!

JOHANNA: Wat net?

FR. JONKER: Dy leit ferkeard.

JOHANNA: *(ferskoot in krante)* Sa dan?

FR. JONKER: Nee, fansels net, dy lei goed. Dy dêrneist. Dy mei de tear nei boppen.

JOHANNA: O, dy...

FR. JONKER: Draai him dan om!

JOHANNA: *(draait de krante in heale slach, de tear bliuwt boppe)* En doch gean ik! Ik gean yn elk gefal! Ik wurkje noch in heal oer....

FR. JONKER: Do lústerst net, do dochst mar wat. Ik sei: omdraaie!

JOHANNA: No en?

FR. JONKER: Do skoost, mar do moatst him omkeare. Sa bliuwt de tear boppe. Ik sis it net samar, we wolle hjir gjin ûngelokken ha.

JOHANNA: Ungelokken?

FR. JONKER: Ja, ûngelokken.

JOHANNA: Kom no!

FR. JONKER: En dat kinne we net brûke.

JOHANNA: No.

FR. JONKER: Wat der allegear wol net gebeure kin.

JOHANNA: Dan gebeurt der teminsten wat.

FR. JONKER: Do witst net watst seist, bern.

JOHANNA: Ik bin gjin bern mear. *(in skuor yn de krante)*

FR. JONKER: Dy net! Dêr sit in skuor yn!

JOHANNA: Dat sjoch ik ek wol. *(makket der in prop fan en sil him fuortsmite)*

FR. JONKER: Jou hjir mar, dy kinne we noch wol ergens oars foar brûke. *(strykt him glêd)*

JOHANNA: No bin ik tafallich thús mei it doarpsfeest...

FR. JONKER: Dat is noch altyd in dronkemansbinde!... Nee, nee, nee, net mei de tear nei boppen! Dochst it wer. Sa stapt er ûnder de tear, begryp dat dan. Moat er falle?

JOHANNA: Wat my oanbelanget... *(leit de lêste krante del)* Sa, klear! *(nei trep)*

FR. JONKER: Nee!

JOHANNA: Ja, wat no wer?

FR. JONKER: De tearen!

JOHANNA: Alle tearen lizze nei ûnderen!

FR. JONKER: Mar net yn de rinrjochting.

JOHANNA: Sûnt wannear rinne kranten?

FR. JONKER: Ik wol dat dy skilder derop rint. As hy der sa op stapt dan strûpt de krante omheech. Moat er falle? Ik moat der net oan tinke, al dy lak dy't alle kanten opspattet!

JOHANNA: Liket my wol grappich! Der binne trouwens te min kranten. Moat hy fan de ien op 'e oare springe? Krekt as by 't winterdei; fan skos nei skos.

FR. JONKER: Heit is om mear kranten út. Ik hoopje dat er dy nije buorren fuort even oansjit oer dy doazen yn 'e foartún. Se wenje hjir no al fjouwer wike en noch stean de ferhúsdoozen bûten opsteapele tsjin ús gaas.

JOHANNA: Lit dat mar oan heit oer: De Jonkerstrjitte is hillich!

FR. JONKER: Hast de kranten no allegear goed? Gean dan mar wer nei dyn eigen wurk.

JOHANNA: Wêrom moatte se oant it húske ta?

FR. JONKER: It toilet, Johanna!

JOHANNA: Moat er it húske ek fervje?

FR. JONKER: Nee, it toilet wurdt net ferve. Mar dy skilders moatte altyd, dat sil wol fan dy ferve komme. En dan dy skuon... se ha altyd fan dy skuon mei in djip profyl oan en fuotten feie, ho mar! No ja, dizze miskien net.

JOHANNA: Komt der dan no al wer in oaren?

FR. JONKER: Se goaie der allegear mei de pet nei! Rûch en ûnferskillich.

JOHANNA: Dy âlde mei dy keale kop ek? En dy reade sprutekop de tredde ha 'k net sjoen, allinne mar heard: psalmen en gesangen....

FR. JONKER: Mar se meitsje der allegear in potsje fan. It is der ek net better op wurden sûnt dy frou fuortgien is. Binne se no eins skieden?

JOHANNA: Oer wa hast it?

FR. JONKER: Dy skildersbaas.

JOHANNA: En dat moat ik witte?

FR. JONKER: Do hiest it wol es oer syn soan, dy siet by dy yn 'e klasse, leau 'k ...

JOHANNA: Peter....

FR. JONKER: Binne se skieden?

JOHANNA: Wat kin it my no skele wa 't der hjir yn dit gat no wol of net skieden binne.

FR. JONKER: No ja, we ha him yn elk gefal belle en frege oft er gjin better personiel hie! No, dêr is er wol fan skrokken

JONKER: *(op troch keamersdoar)* Wat in ferskriklike minsken!

FR. JONKER: Nee, hy sei dat er syn soan wol stjoere soe.

JOHANNA: Peter?

JONKER: *(op 'e drompel)* Ferskriklike minsken, dy nije buorren. De buert giet hjir hurd achterút!

FR. JONKER: Hast gjin kranten?

JONKER: Se tinke dat ik se helje om te lêzen! "As jo no sels es in abonnemint nimme". Ja, ik sil my dêr de krante lêze! Ik fyn it al slim genôch as ik der de dyk mei oer moat. "As jo no sels es...". De brutaliteit! En hy skeart him ek noch net iens fatsoenlik. *(Johanna leit en lêst in krante)*

FR. JONKER: In abonnemint! Toe mar.

JONKER: Sy tinke dat se harren dat permittearje kinne! No, tafallich wit ik hoe swier as harren hypoteek is. Mar wat dogge se? Se ite sels troch de wike boerebûter. Se keapje twa pakjes tagelyk, twa pakjes... Hoe lang dogge wy wol net mei ien pakje.

FR. JONKER: No dochst it al wer!

JONKER: Wat doch ik al wer?

FR. JONKER: Do stiest op 'e drompel.

JONKER: *(stapke foarút)* Nee, hear.

FR. JONKER: Ik seach it doch sels: do stapst altyd op drompels.

JONKER: Sjoch dan, ik stean der net op.

FR. JONKER: Ja, ja. Do bist der hurd ôfstapt. Ja. Johanna, stie heit op 'e drompel of net? *(Johanna lêst troch)* Johanna?

JOHANNA: Hjir, dat is tafallich. *(lêst)* "Oude man wurgt echtgenote".

FR. JONKER: Jakkes!

JOHANNA: "Tragedie na jarelang gevit". Sa sjochst mar wer, it komt yn de bêste famyljes foar.

JONKER: Wat bedoelst?

JOHANNA: Sa komst noch es yn de krante. "Ik kon niet meer tegen haar op". Stamelt de gebroken man. "Zij volgde mij op elke stap die ik deed en dat werd mij...".

JONKER: Betinkst dit no of... *(nei Johanna)* .. of stiet dat wier.... *(stroffelet heal oer in krante)*

FR. JONKER: Myn spul. Myn spul!

JONKER: *(grypt links en rjochts om him hinne en lûkt in lekken fan in portret fan syn heit)* O, heit...

FR. JONKER: Wat dochst wer ûnhandich!

JONKER: Ik doch ûnhandich?

FR. JONKER: Heit hie wol falle kinnen.

JONKER: Dy kranten...

JOHANNA: Allegear om ûngelokken te foarkommen!

JONKER: Dit is freegjen om ûngelokken! Wa leit se no sa del, mei de tear nei ûnderen, dat is doch dom! Dit keal is grutter as de ko.

FR. JONKER: Der binne ek minsken dêr 't neat by helpt, dy falle oeral oer. Dy stean ek altyd op drompels.

JONKER: It is doch ek te gek foar wurden hoe wiid dy kranten út elkoar lizze. Ferwachttest in reus?

JOHANNA: (*stapt fan krante nei krante*) Hy moat hast yn spagaat at er nei de plee moat. At syn slútspiere no mar ynoarder binne!

JONKER: En wêrom bisto net boppe?

JOHANNA: Mem helpe, no! (*sjongt*) Kranten lizze, gjinien wat sizze....

JONKER: Dat is no klear, dus..

JOHANNA: (*nei trep*) Spitich, ik fyn it hjir no krekt sa gesellich.

JONKER: Soargje do no mar datst it dizze kear hellest....

FR. JONKER: Dan komt de gesellichheid letter wol.

JOHANNA: O, wat hearlik, ik kin hast net wachtsje.

JONKER: Ast it helle hast, meist ús wol tankber wêze, dat wy dy wer yn 'e hûs helle ha, bern.

JOHANNA: Bern. Ik bin ferdomme gjin bern mear. (*ôf nei boppen*) En ik gean aanst wol fuort, oars stik ik hjir!

JONKER: Ja, flok mar! Wat bedoelt se mei 'fuort'?

FR. JONKER: It jierfeest fansels.

JOHANNA: Tinkt se dat se dy ûnsin betelje kin?

FR. JONKER: Ik wit by tiden net wat ik mei har oan moat.

JONKER: Nee, dat merk ik! Ast neat betters wilst as dit gedoch hjir...

FR. JONKER: Se moast fan dy in skoft thúskomme, dan kin se ek bêst wat dwaan. (*leit de kranten wer teplak*) Ik kin net alles allinnich.

JONKER: Se moat leare en noch es leare! At sy it no net hellet..... ik bliuw net oan 'e gong mei beteljen.

FR. JONKER: Hingje him no wer op, do bist der doch sa sunich op!

JONKER: Ja, fansels! (*hinget him wer op*) Sa'n skoalbestjoer, dat heit samar yn 'e kontener smyt... (*sjocht him oan*) Minsken ferjitte gau.

FR. JONKER: Hy hinget skeef.

JONKER: Hy wie noait thú; altyd dwaande foar it doarp. Dy list is ek net sa moai mear, ik sil aanst dy skilder...

FR. JONKER: Wêr bliuwt er eins?

JONKER: Dat woe ik krekt sizze, (*nei de keamersdoar*) Ik sil him even belje.

FR. JONKER: De drompel.

JONKER: Wat no drompel? Ik stean hielendal net op 'e drompel.

FR. JONKER: Do giest der altyd op stean.

JONKER: No net!

FR. JONKER: Om 't ik it sei.

JONKER: Dat hear ik net iens mear! Do seist deis net oars.

FR. JONKER: Om'tst nooit harkest.

JONKER: Ast neat wichtigers te melden hast! (*stapt oer de drompel ôf*)

FR. JONKER: De ...(*sêft*) ...drompel. (*troch de knibbels en wriuwt de drompel mei in doek, de bel fan de foardoar giet*) Ja, ja.... (*komt stadich oerein, liket wat skruten te wêzen om de doar iepen te dwaan*)

JOHANNA: (*ropt fan boppen*) De bel!! (*de bel giet no langer*)

FR. JONKER: (*nerveus fan trep nei keamersdoar*) Johanna, de bel!
De bel!

JOHANNA: Hee, binne jim dôf? (*de bel giet noch in kear*)

JONKER: (*op troch keamersdoar; bliuwt op 'e drompel stean*) Hearst de bel net? (*docht de foardoar iepen. Afke hâldt har op 'e achtergrûn. Foar de doar stiet Peter yn skildersoveral mei ferve en ark*) Sa, wer in nij gesicht! Do bist let, ik soe krekt belje.

PETER: Middei, Jonker. Ja, it rûn wat tsjin ûnderweis. Ik moast omride fanwege de optocht.

JONKER: Dan kin wol sa wêze, mar...

PETER: Mar ik meitsje it even ynoarder.

JONKER: Dat sille we noch wol sjen.

PETER: It giet om dizze doar?

JONKER: Ja, dyn kollega's ha der net folle fan makke!

FR. JONKER: (*nei de doar*) Ja, sjoch mar....

PETER: O, middei mefrou. Wat is der oan 'e hân?

JONKER: Fierstente skraal opsetten. En der is stof ynwaaid.

FR. JONKER: En der wie in rinner ... (*op 'e knibbels*) ... ergens...

PETER: Dat is net bêst, mefrou, dat is altyd hiel spitich. Mar hast net te bestriden. (*neist har*) Wêr krekt, mefrou?

FR. JONKER: Eh... ja, wêr wie it no ek al wer? (*tsjin Jan*) Witsto it noch?

JONKER: Der wie in rinner, lit dat genôch wêze. Ik sei al tsjin dyn baas, dat...

PETER: Us heit.

JONKER: Aha, jim heit. No, ik sei: "Ik moat hjir dik foar betelje..."

PETER: Hûndertfiifensantich.

JONKER: O, do bist op 'e hichte. No, foar dat bedrach mei ik doch wol ferwachtsje dat it foar hûndert prosint yn oarder komt.

PETER: (*leit in kleed ûnder de doar*) Ja, fansels, Jonker, dat is ek wat ús heit sei. "Peter", sei er "Peter, gean do even nei dy doar fan

Jonker en meitsje dy tiptop ynoarder!” En sa is ‘t mar krekt, mefrou.
 Jo ha in prachtige doar, sa meitsje se dy tsjintwurdich net mear!

JONKER: Us heit hold fan kwaliteit.

PETER: Je soenen it hast in monumint neame kinne!

JONKER: Goed, we sille dy net langer ophâlde. Oant hoe let wurkest troch?

PETER: Oant de doar klear is.

FR. JONKER: Makkesto ek safolle rommel?

PETER: Ik hâld fan netsjes, mefrou.

FR. JONKER: Ik bin wol oeren dwaande west. Oeral stof.

JONKER: Kom, kom...

FR. JONKER: En ik moat hjir alles allinnich dwaan.

PETER: Yn sa’n kast fan in hûs! Meitsje jo je mar gjin soargen.

FR. JONKER: Eh... ast moatst... eh..

PETER: Sorry?

FR. JONKER: It toilet.

PETER: Ja?

FR. JONKER: Ast nei it toilet moatst, wolst dan wol oer de kranten rinne.

PETER: Ik tink net dat ik hoech, mar ik sil der dan wol om tinke. Jo wolle de flier sparje, hy is tige unyk.

JONKER: Dy hat ús heit destiids lizze litten. Dat wie yn 1930 en hy is noch sa goed as nij.

FR. JONKER: Ik set him om ‘e twa wike yn ‘e waaks.

PETER: In hiel wurk, frou Jonker.

FR. JONKER: Bisto net de jongste soan?

PETER: Ja, en ek de âldste.

FR. JONKER: O, bisto ek iennichst bern.

PETER: Nee, ik ha trije susters, mar sy binne âlder en wenje hjir net mear.

JONKER: Frou!

FR. JONKER: O, binne dy mei jim mem...

JONKER: We hâlde him fan ‘t wurk!

FR. JONKER: Kin jim heit it wat oan?

JONKER: Hy is hjir net om oer syn famylje te praten. Hast noch wat nedich?

PETER: Ik ha alles by my. O, de peut stiet noch yn ‘e auto. (*nei bûten*)

JONKER: Wêrom begjinst dêr no oer. We ha der doch neat oan as hy de holle net by ‘t wurk hat.

FR. JONKER: It is doch hiel normaal ast in bytsje meilibbest.

JONKER: Hast al tee?

FR. JONKER: Ssst.

JONKER: Wat is der?

FR. JONKER: Ik wol him net yn 'e salon. Ik ha krekt stofsûge.

JONKER: Fan my mei it wol, hy is doch oannommen?

FR. JONKER: Net yn de salon!

JONKER: *(nei keamer)* Dan net. En we litte Johanna ek mar boppe sitte, tee kin letter ek wol...

FR. JONKER: De drompel! *(beide ôf nei de keamer)*

PETER: *(op; hellet materiaal út in arkbakje)* Teetiid! *(skinkt tee út in termosflesse)* Sa....*(sjocht om him hinne)* Kâlde kak. *(sjocht portret, agressyf)* Ald sek!

JOHANNA: *(komt fan boppen, sjocht Peter op 'e rêch, wifelt)* Hoi.

PETER: *(skrikt, herstelt him gau, riert yn 'e lak)* Hoi, Johanna.

JOHANNA: Peter.

PETER: Ik... ik wist net datsto hjir wiest.

JOHANNA: Nee... ja.

PETER: Alles goed?

JOHANNA: Hm. Mei dy?

PETER: Prima.

JOHANNA: Moai.

PETER: Hoe giet it mei dyn stúdzje?

JOHANNA: Striemin! Nee, hear, it falt wol mei, mar ik sit krekt foar in swier tentamen.

PETER: Dy tastannen ha ik gelokkich net mear.

JOHANNA: *(nei koarte stilte)* Giest noch faak út?

PETER: Net in protte.

JOHANNA: Sjochst noch wol es ien?

PETER: Gjinien. Elkenien is fuort.

JOHANNA: En no mei it feest dan?

PETER: It is allegear oars. De lêste jûn is kostumearre.

JOHANNA: Leuk!

PETER: Mar der is in hiel oare band. Dy fan ferline jier wie echte te gek.

JOHANNA: Dat wit ik net!

PETER: Dat witst net?


JOHANNA: Nee, en dat kinsto witte.

PETER: Wêr wiest dan? Ik bedoel,... ik tocht...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto